

ferbining


2021
2022

RYSK SELSKIP SWOL

Oan

Jiergong
50

Lede-administraasje: Brethouwerstraat 15,
8043 AZ Zwolle



oprjochte 8 febrewaris 1899



sinds 1860

anderhalve eeuw



Kappers
gastvrij tot uw dienst

Graach oant
sjen!



BIJ OORDELING BESCHRIJFING
KOFFERVAARCIJES

Kerkstraat 7

info@kappers-horeca.nl

tel. 0529 401281

7722 LR Hoonhorst - Dalfsen

www.kappers-horeca.nl

kappershoreca

**Jou omtinken
oan ús
advertearders**


It Frysk Selskip Swol wurdt

stipe troch: Café Restaurant

Partycentrum "Het Boskamp",

Sterrebosweg 2, 7722 KG Dalfsen

www.hetboskamp.nl



piano's - vleugels - orgels - kleinstrumenten

stemmen - onderhoud - verhuur

DE GRAAF MUZIEK BV

hanekamp 2-8, zwolle, telefoon (038) 453 55 87

BESTJOER

foarsitter	Jan Bosgraaf	Smitserf 42 7951 JG Staphorst 0522 464718 janendjoke@home.nl
2° foarsitter / 2° ponghâlder	Henk Monkel	Gentiaan 23 7721 HA Dalfsen 0529 433175 henmmonkel@kpnmail.nl Mandenmakershoek 5 8131 CZ Wijhe 0570 522329 jantjerkkuipers@gmail.com
skriuwer	Jan-Tjerk Kuipers	Koelmansstraat 10 7722 LX Hoonhorst 0529 401683 sdabakker@outlook.com
ponghâlder	Sjoerd Bakker	Brethouwerstraat 15 8043 AZ Zwolle 038 4200066 jolandalootens@live.nl
2° skriuwer	Jolanda Lootens – Berg	
lid	Annet Nieuwenhuis – Kokké	Schuttevaerkade 103 8021 HD Zwolle 038 4537836 annetnieuw@planet.nl

Lede-administraasje


Jolanda Lootens, Brethouwerstraat 15 8043 AZ Zwolle 038 4200066

IBAN rekkennûmer

NL95 RABO 0377 3373 66 op namme fan Frysk Selskip Swol

KONTAKTPERSOANEN

Dalfsen	frou F. Smits	Vechtoever 11	0529 432436
Elburg	frou L. van der Graaf – Bosje	Paardebloem 3	0525 681135
Hatterm	frou W. Steenbeek - Boschma	Hendrikjesweg 46	038 4442894
Kampen	frou J. Wiegiersma	Nijverheidsstraat 11	038 3311670
Wezep	hear K. IJtsma	Scheerderslaan 8	038 3769007
Wijhe	hear F. Kunst	Stationsweg 28	0570 521931
Zwolle			
Aalanden	frou C. Penning	Potmarge 27	038 4541272
Assendorp	frou A. Groenland	Ranonkelstraat 8	038 4220741
Berkum	hear J. Visser	Eikenlaan 12	038 4548808
Binnenstêd, Dieze en Veerallee			
	fam L. Nieuwenhuis	Schuttevaerkade 103	038 4537836
Holtbroek	frou H. Osinga	Reggelaan 55	038 4549429
Stadshagen	frou J. Lootens – Berg	Brethouwerstraat 15	038 4200066
Westenholte en Spoolde			
	frou A. Wieling - Joukema	Voorsterweg 42 – 301	038 4218525
Wipstrik	frou W. de Vries - Boersma	Carry van Bruggenstraat 25	038 4543033
Zwolle – Súd	hear J.H. Zijlstra	Dreessingel 88	038 4542562



FERBINING

De krantsjes hawwe dit winterskoft as tema **'ferbining'**. De brêgen en fiadukten op 'e achterside foarmje ek in ferbining. It binne metafoaren fan de ferbining dêr't it winliken om giet. De ferbining tusken minsken en tusken ús, as leden fan it Frysk Selskip Swol. Dy ferbining waard in lytse twa jier lyn ûnferhoeds ferbrutsen. Sa kaam ik op it idee fan it tema. En wat wie it moai, dat we, nei 20 moannen, ein oktober wer in jûn byinoar wienen. Wat hienen we mei-inoar in prachtige jûn. It wie mar ien jûn, want yn desimber koe it krystmiel spitigernôch al wer net trochgean.

No wie it doel net om mei dit tema de orizjinaliteitspriis te heljen, mar om oan te jaan hoe wichtich it is, as minsken harren mei-inoar ferbûn fiele. En dat wy, leden fan it Frysk Selskip Swol, in bân mei-inoar hawwe. Dy priis hie'k grif ek net wûn, want it falt op, hoe faak it wurd 'ferbining' hjoed de dei falt. Jo kinne gjin krante iepenslaan, of der stiet wol in kolum yn wêryn it, al of net foar in part, oer ferbining giet. Yn de tsjerketsjinsten op Omrop Fryslân, mar grif ek earne oars, wurdt gauris de klam op 'ferbining' lein. Yn praatprogramma's op radio en telefyzje heart men psychologen, sosjologen en oare saakkundigen ek gauris sizzen, dat minsken sosjale wêzens binne, dy't ferlet fan ferbining hawwe. Wat dat oangiet, ferkear ik yn goed selskip fan dûmny's, kolumnisten en alderhande 'ogen'.

No kin it fansels wêze, dat it eat mei de tiid fan it jier te krijen hat, dat dêr sa de klam op lein wurdt. It binne ommers net allinne figuerlik, mar ek letterlik tsjustere tiden. De sprekwurdlige 'donkere dagen foar kryst'. Alteast op it stuit, dat ik dit skriuw. Dochs sil it yn it foarste plak te krijen hawwe mei de al mar fierder geande polarisaasje yn de maatskippij. Mear en mear botse ynsichten en stânpunten en wol elts syn of har gelyk helje. Dan lûsterje minsken net mear nei elkoar en binne se dôf foar elkoars arguminten. Der ûnstiet ûnbegryp, frustraasje, agressiviteit en geweld. Dêrtroch komme minsken tsjinoer inoar te stean en wurde se útinoar dreaun. Nei alle gedachten wurdt dêrom, as tsjinwicht, sa op it belang fan ferbining hammere. Ferbining troch akseptasje en respekt, troch each foar inoar te hawwen, noed foar inoar te stean, inoar ta help en stipe te wêzen en inoar leaf te hawwen.



In nij jier yn ferbûnens en ... sûnens tawinske.

Jan Bosgraaf (foarsitter)


It Frysk Boun om Utens

Op **sneon 26 maart 2022** hâldt it Frysk Boun om Utens de jierlikse Algemiene Gearkomste by de Frysk Krite 'Fier fan Hûs yn Boadegraven.

De jubileumkommisje fan it Boun wurket oan de betinking fan it 100-jierrich bestean fan it Boun op **sneon 16 septimber 2023**. Dat duorret noch in lytse twa jier, mar de piketpeallen binne slein.

Mear ynformaasje oer it Frysk Boun om Utens en oer de by it Boun oansletten krite op 'e webside fan it Boun: www.fryskbutenfryslan.frl

KRÚSRAK EN DUVELSRAK

By Snits lizze twa bysûnder opfallende fiadukten oer de rykswei A7; it Krúsrak en it Duvelsrak. Wa't oer de A7 rydt, kin se net misse.

Yn 2005 skreau de gemeente Snits in priisfraach út foar it meast orizjinele en brûkbere ûntwerp fan in fiadukt oer de A7. It ûntwerp fan Onix en Achterbosch Arsjiitektuer wûn de priis.

It stielen weidek fan de fiadukten is makke yn Burgum. De 15 meter hege oerspanning is fan hout. Gjûn ûnderdiel fan it hout is rjocht. Alles is bûgd of draaid en de ferbiningen binne lime. Omdat in soad ûndersyk dien wurde moast nei hout dat hjir geskikt foar wie en nei lymsoarten, duorre de tarieding fan de bou sa'n 4 jier. Uteinlik waard assetyllearre hout út produksjebosken yn Nij-Seelân brûkt. Yn Nederlân waard it hout ympregearre. Dêrtroch waarden de sellen fan it hout allike sterk as hurdhout, dat foar dizze konstruksje te swier wêze soe. Al weaget ien fiadukt sa ek al 354 ton.

De earste fan de twa fiadukten, it Krúsrak, waard yn novimber 2008 yn gebrûk naam. Twa jier letter it Duvelsrak.

BROKEN JUG

Sûnt oktober is Fryslân in keunstwurk riker; **Broken Jug**. In masterwurk fan de wrâldferneamde Amerikaanske keunstner (skilder, byldhouwer, grafikus) Frank Stella, berne op 12 maaie 1936 yn Malden Massachusetts. It keunstwurk is 14 meter heech en waacht 45 ton.



Tenearsten soe it in plak krije njonken it stadion yn Miami (Florida), mar dêr ûntbriek it oan entûsjasme. Fan 2001 oant 2018 stie it yn it Frânske Cherbourg, mar fanwegen de hege kosten koe dat net langer. Doe soe it fia Harns nei de Feriene Steaten (new York) transportearre wurde. Mar earst waard it keunstwurk yn Harns oant yn 'e fine puntsjes polyste. Troch de ynset fan

benammen Joop Mulder silger (de man fan Oerol en it boechbyld fan Sense of Place) waard lykwols besluten, dat Broken Jug yn Harns bliuwe moast. De ynfloed fan eb en flood is nammentlik op de mûnske skulptuer fisualisearre. Boppedat wurdt it ek nochris oanljochte op grûn fan it tij.

Broken Jug stiet op 'e kop fan de langparkearterreinen foar eilângongers nei Flylân en Skylge, flakby de Tsjerk Hiddesslûzen. De gemeente Harns hat it keunstwurk yn brûklien foar € 10.000.-- yn't jier. It kostet in pear sinten, mar dan hawwe jo ek wat!

Dat bedrach wurdt betelle troch de eilânparkearders. Dêrta is, troch it Hanzer gemeentebestjoer hiel tûk berekkene, it deitaryf foar eilânparkearen mei 25 sint ferhege. Dy eilângongers hawwe fansels net om Broken Jug frege, mar foar dy 25 sinten per dei kinne se by it gean nei en it kommen fan de eilânnen it 'landmark', sa't it dan sa moai hjit, twa kear bewûnderje en as oantinken ek noch in moaie selfie meitsje. Mei de ekstra opbringsten wurde ynvestearringen yn it parkeargebiet fan Harns dien om dit oantrekliker foar besikers/toeristen te meitsjen. Wat fansels ek wer goed is foar de middenstân fan Harns. Sa snijt it mes oan twa kanten.

(JB)

De Winamer katten jeie de Mullumer rotten troch de Hanzer kloksgatten.

(folksrymke)

DICHTER FAN FRYSLAN

It projekt 'Dichter fan Fryslân' is in inisjatyf fan 'e provinsje Fryslân en wurdt útfierd troch Boeken fan Fryslân. Mei it beneamen fan 'e Dichter fan Fryslân wol de provinsje by in breder publyk mear omtinken freegje foar de keunstfoarm poëzij. Sjoch op: dichterfanfryslan.frl

De Dichter fan Fryslân skriuwt seis oant tsien gedichten yn it jier en wit it grutte publyk te finen en te binen mei syn of har poëzij. By grutte foarkar yn it Frysk of yn in Fryske streektaal. Eeltsje Hettinga wie yn 2017 – 2019 Dichter fan Fryslân en yn 2019-2021 Nyk de Vries.

De Dichter fan Fryslân treedt op as poëtysk ambassadeur en draacht op in moderne en útnûgjende wize soarch foar de poëtyske presintaasje fan Fryslân. Binnen en bûten de provinsje. Leafst ynspirearre op aktuele foarfallen of opfallende en bysûndere mominten dy't plakfine yn ús provinsje of dêrta yn relaasje stean. De Dichter fan Fryslân wit op in eigentiidske en tagonklike wize aktualiteit en sosjaal-maatskiplike tema's te fangen yn poëzij. Fan de Dichter fan Fryslân wurdt ferwachte dat hy of sy in tal kearen yn it jier optreedt by neier oan te wizen gelegenheden.

Yn in feestlike gearkomste op freed 12 novimber 2021 waard **Sigrid Kingma**



kombinearjen."

(foto) ynstallearre as de nije Dichter fan Fryslân. Sigrid: *"Ik bin út 'e skroeven oer myn beneaming ta Dichter fan Fryslân! De rol fan Dichter fan Fryslân past by myn wurkwize as dichter. Ik sykje poadia op, ha in skerp each foar wat der spilet en stribje der hieltyd nei om út te stiijen boppe it deistige. De kommende twa jier wol ik ek brûke om poëzij in breder berik te jaan troch keunstfoarmen te*

Sigrid Kingma (Drachten, 1989) studearre Nederlânsk en Frysk oan de Ryksuniversiteit yn Grins. Se stiet bekend as poadiumdichter en draacht gauris foar by ferskate gelegenheden yn en bûten Fryslân en hat by ferskate tydskriften belutsen west as dichter, resinsint en kolumnist. Yn 2016 debutearre se mei de twatalige dichtbondel 'Reade triedleas/Red wireless'. Sûnt dy tiid hat se in tal ynternasjonale meartalige projekten dien. *"Ik wol my net talizze op ien soart publyk, ien soarte styl of sels ien keunstfoarm, mar mysels hieltyd op 'e nij útfine."*

Boarne: It Nijs

BOEKEHOEKE**Nije boeken foar in sipel en in snipel**

Us lêste nije boeken geane fuort foar ...

... de helte fan 'e helte!

Wês der rap by, want OP = OP!

Freed 21 jannewaris en freed 18 maart 2022 nimt ús boekeferkeapster, Jolanda Lootens, de lêste nije boeken yn elts gefal noch mei. Mooglik dat der dêrnei in ein oan 'e boekehannel komt. Want der komme gjin nije boeken mear by.

Gjin healsliten boeken mear op 'e boeketafel

De pear euro's dy't de ferkeap fan healsliten boeken opsmyt, is it hinne en wer tûgjen fan doazenfol mei dy boeken eins net wurdich. Dat is al langer it gefal, mar oant no ta waard der tsjinoan skytskoarre om der mei op te hâlden. Mar ienris moat de knoop trochhoud wurde en no is de kûgel dan troch de tsjerke. Fan jannewaris 2022 ôf lizze der gjin healsliten boeken mear op 'e boeketafel.

Dat betsjut ek, dat we gjin healsliten boeken mear ynnimme!**Nije en nijsgjirrige Fryske boeken**

As we linkendewei ophâlde mei ús boekehannel wol net sizze, dat we gjin omtinken mear jaan sille oan (nije) Fryske boeken of boeken oer Fryslân. Der wurdt hiel wat troch Fryske skriuwers en dichters skreaun. Dy wolle fansels graach, dat minsken harren wurk lêze. En der binne hiel wat minsken, dy't graach lêze meie. Ek ûnder ús leden sitte grif minsken dy't graach Fryske boeken lêze. Dêrom bliuwe we omtinken jaan oan nije en nijsgjirrige Fryske boeken.



Foar ús **nijjersmiddei** helje wy út Fryslân wer oranjekoeke foar by de kofje / tee.

Fansels nimme we wat ekstra.mei om te ferkeapjen. Wa't der wis fan wêze wol, dat er oranjekoeke mei nei hûs nimme kin, moat it foar 14 jannewaris bestelle.

In mailtsje oan frykselskipswol@gmail.com of in telefoantsje nei 0529 401683, dat is ús ponghâlder Sjoerd Bakker.



Fan âlds is de **Folkshegeskoalle op Skylge**, smûk ferskûle yn it Hoarnske Bosk, in sintrum fan moetsjen, besinnen en kultuer. Inkele fan ús leden komme dêr elk jier. Om te sjongen, te skriuwen, te kuijerjen of om putsjes te dwaan.

Yn 2022 is der wer in grut ferskaat oan alderhande kursussen: skilderjen, byldhouwe, mandela tekenje, dûnsje, sjonge, skriuwe, Fryske taal, besinning lykas yoga, meditaasje, mindfulness, natoertochten, ensfh..

Wa't mear witte wol oer alles wat der op 'e Volkshegeskoalle Schylgeralân te rêden is, kin terjochte op webside www.folkshegeskoalle.fr



De **Feriening Freonen fan Omrop Fryslân** (FOF), is de stipersferiening fan de Omrop, dy't stribbet nei in goede publike Fryske Omrop foar radio en telefyzje. FOF soarget foar ynformaasje oer Omrop Fryslân en stipet Omrop Fryslân by syn doelstellings en aktiviteiten. FOF hâldt kontakt mei har leden fia it ledeblêd Each en Ear. Yn 'e rin fan it jier binne der ferskate aktiviteiten en eveneminten dêr't leden oan meidwaan kinne. Sjoch op 'e webside www.omropfryslan.nl/freonen of wurdt 'facebookfreon'.

De ledebydrage is op syn minst € 9.-- yn't jier.

Wa't ek **FREON fan Omrop Fryslân** wurde wol, kin belje nei 06-43903180. Of stjoer in e-mail nei freonen@omropfryslan.nl Oanmelde fia de webside kin ek.



Wy kinne net sûnder dream

'k Doch de eagen ticht, ik slút de blienen
om wer te finen myn dream fan doe.
Myn dream dy wie nearne te sliten,
My waard ferwiten, dat 'k keunsten hie.

Ut 'Joazef master dreamer'

Musical fan Tim Rice en Andrew Lloyd Webber

Oerset en bewurke troch Hindrik van der Meer

Utfierd yn 1988 troch learlingen fan PABU 'De Him' út Snits

Al jierren sjonge de leden fan it **Frysk Sjongkoar Swol** mei in soad nocht en wille alderhanne Fryske lieten.

Freedtemoarns om 10 oere repeteart it koar yn it Moetingssintrum 'Het Anker', Voorsterweg 36, 8042 AD Zwolle (Westenholte). Boppedat fersoarget it koar sa no en dan in optreden. Bygelyks by it Frysk Selskip Swol mar ek bûten Zwolle. Ienris yn't jier hawwe de leden in útsje nei Fryslân. Tidens dat útsje sjongt it koar mei in soad foldwaning ek yn in âldereinhûs earne yn Fryslân. En yn 'e simmer komme de leden byelkoar foar in gesellige midsimmermoeting.

Leden fan it koar hoege gjin lid fan it Frysk Selskip Swol te wêzen. Se hoege de Fryske taal net iens machtich te wêzen. As se mar yn 't Frysk sjonge! Elts dy't fan sjongen hâldt is fan herte wolkom by it koar. Want sjongen ferbynt minsken en makket minsken bliid. Net allinne de sjongers. Ek de taharkers.

Kom earst mar ris nei in repetysje. Dat jout fierders gjin ferplichting.



Nim foar mear ynformaasje kontakt op
mei ien fan dizze minsken

Douwe Boersma	foarsitter / skriuwer	0523 – 656802
Jolanda Lootens	pongêlder	038 – 420066
Jelma Wiegersma	diriginte	038 – 3311670

(JB)

KEARS FAN FERBINING TE KEAP



Yn it foarige krantsje stie in stikje oer de tsjerketsjinsten dy't, sûnt it útbrekken fan de Koroanakrisis, sneintemoarns troch Omrop Fryslân, yn gearwurking mei de Ried fan Tsjerken yn Fryslân, útstjoerd wurde. Oan it begjin fan de tsjinst wurdt de **kears fan ferbining** oanstutsen.

By it oanstekken fan de kears fan ferbining wurdt de minsken thús frege om ek in kears oan te stekken. Dat kin fansels in gewoane kears wêze, sa't de measte minsken wol yn 'e hûs hawwe. Mar it kin ek de lytse fariant (30 sentimeter) wêze fan de grutte kears dy't yn 'e tsjerken oanstutsen wurdt.

Dy is te keap by de Wurkgroep Tsjerketsjinsten Fryslân.

Hy kostet € 30,- ynklusyf ferstjoer- of besochkosten en kin besteld wurde troch in mailtsje te stjoeren nei de pongêlder fan de wurkgroep Jelle de Jong; e-mailadres

j.dejong@protestantsekerk.nl

WAT YN IT FET SIT

Freedtemidde 21 jannewaris 2022

Nijjersmidde mei Hein Jaap Hilarides yn 'De Weijenbelt' yn Zwolle (Berkum)

Freedtemidde 18 maart 2022

Foarstelling 'Myn Skip' mei Age Veldboom, Ella de Jong en Herman Woltman yn 'De Weijenbelt' yn Zwolle (Berkum)

Freedtemidde 8 april 2022

Ledegearkomste mei û.o. in optreden fan it Frysk Sjongkoar Swol yn 'Het Anker' yn Zwolle (Westenholte)

Sneintemidde 24 april 2022

Fryske tsjerketsjinst mei ds. Renze Pieter Yetsenga yn de Protestantske tsjerke yn Windesheim

Notearje dizze middagen alfêst yn jimme bûsboekje of snoadfoan.

BÛNTEBRÊGE



De Bûntebêrge (foar Dokkumers Bontebriug) is yn Dokkum in begryp. It is ien fan de twa suver identike fyts-, fuotgongersbrêgen oer it Lytsdjip (foar Dokkumers Kleindiep).

It Lytsdjip is it begjin of de ein ('t is mar krekt fan hokker kant jo it besjogge) fan de Dokkumer Ie, dy't in ferbining is fan oarspronklik twa rivieren. De iene wettere by Ljouwert ôf yn de Middelsee, de oare yn de

Lauwerssee. Nei't de Middelsee ynpoldere wie, waarden de rivieren tusken Burdaard en Tergrêft trochgroeven en sa ûntstie de Dokkumer Ie. By farrenslju is de Dokkumer Ie bekend as de ferbining fan Ljouwert, fia Dokkum, nei de Lauwersmar en, foar seefeardige boaten, nei Skiermûntseach en fierder. By reedriders fan de alvestêdetocht is de Bûntebêrge lykwols bekend as it ein fan de lêste swiere kilometers bealchjen troch it noarden fan Fryslân, meastal straf tsjin 'e stive noardeastewyn yn en faak ek noch foar in part yn it tsjuster. Wa't ûnder de Bûntebêrge trochrydt, komt telâne yn in soarte fan arena, lykas matadoaren eartiids âlde Romeinske arena's ynkamen. Fan alle kanten wurde de riders tasongen en klinkt in daverjend applaus / hantsjeklappen fan de tribune's, de stiennen wâlkanten fan ferskillende hichten, oan wjerskanten fan it Lytsdjip. Yn dy geweldige, hertferwaarmjende sfear krije de riders it 10e stimpel fan 'e tocht. Dêrnei ferdwine se ûnder de Bûntebêrge troch wer yn it tsjuster, op wei nei de finish op 'e Bonkefeart.

ALVESTEDETOCHT



No't we it dan dochs oer Dokkum en de alvestêdetocht hawwe, stean we der efkes by stil, dat it 4 jannewaris 2022 **25 jier lyn** is, dat de 15^e alvestêdetocht hâlden waard. Henk Angenent kaam as earste oer de finish yn 6 oeren, 49 minuten en 18 sekonden. Op 7 sekonden nei in oere letter kaam Klasiena Seinstra as earste frou op 'e Bonkefeart oer de einstreek. It byld dat boppe beskreaun is, de arena

fan Dokkum, stiet op dizze foto. Loft's ûnder is de stimpelpost. Under it pylkje de Bûntebêrge.

(JB)

**FERGEES TAGONG FOAR 2 MINSKEN
OP 21 JANNEWARIS 2022**

Dizze bon is foar minsken dy't foar it earst mei ús selskip yn 'e kunde komme en miskien wol lid wurde wolle.

*(Dus **NET** foar famylje of goekunde út Fryslân of earne oars wei.)*

Namme:

Adres :

Postkoade

en wenplak :

Tillefoannûmer:

E-mail:

Is/binne op 21 jannewaris 2022 **GAST** by it Frysk Selskip Swol.

Hy/sy hat/hawwe dizze bon krigen fan:

TAALSTRIID

Yn de foarige krantsjes is skreaun oer Kneppelfreed en de 'striid' tusken it Frysk en it Hollânsk. Dan giet in om twa talen.

Yn België bestean offisjeel fjouwer taalgebieten: it Nederlânsktalige Flaanderen, it Frânsktalige Wallonië mei dêryn it Dútsktalige East-België en dan noch it gewest Brussel, dêr't Nederlânsk en Frânsk foar de wet lykweardich binne.



As de foto hjirnjonken it gefolch fan de taalstriid is, rekket men yn België it paad folslein bjuster.

FAMYLJE

Frysk mei dan net in taal wêze dy't amtners en wittenskipslju manmachtich brûke om oer harren wurk te skriuwen, mar it is de taal fan hûs en hiem, is 't net sa? Wat taal is riker oan wurden foar de leden fan 'e sibbe – de famylje? Mar kenne jo dy eins allegearre wol? Hjir kinne jo it neigean.

Yn it ûndersteande blok steane 35 wurden dy't mei de famylje te krijen hawwe. Der sitte wurden by dy't elk wol ken, mar ek guons dy't wat minder fan 'e Fryske tonge rûgelje as dat wol west hat. Hoefolle kenne jo derfan? Binne it minder as tsien, dan moatte jo it wurdboek der nedich by krije. Helje jo de tweintich, dan dogge jo it knap. Al soe in bytsje Fries se fansels allegearre kenne en brûke moatte. It Frysk is ommers de taal fan ús neisten!

foarbern	sweager	oarre	omke	pakesizzer
beppe	heit	kâlde kant	healbern	âldfaam
muoike	eftertrutling	oerpake	bernsbern	sweagerom
broersbern	nichtssoan	âldfeint	omkesizzer	âlde pake
âldmuoike	wiif	pake	tafelbroer	mem
muoikesizzer	ienlingsbern	oerwûn bern	snoar(ske)	poppe
oernicht	skoanfolk	erfsoan	tafelsuster	bepesizzer


(Boarne: *It Nijs*)



Der sitte ûnder ús leden grif lêzers fan 'It Nijs', it digitale dei- of wykblêd mei wrâldnijs yn it Frysk. Mar ek mei nijs út de Benelúks en út Fryslân. Allerhande ûnderwerpen, kwestjes en tema's komme foarby. Kultuer, mienskip, wittenskip, opiny (mei moaie kollums), sport, ferdivedaasje en waar. It Nijs wurdt al troch mear as 6.000 minsken lêzen. Wa't der ek niget oan hat, kin him har opjaan fia de webside www.itnijs.frl.

'Ast mei in minske praatst yn in taal dy't er ferstiet, dan komt it yn syn holle. Ast mei him praatst yn syn eigen taal, dan rekket it yn syn hert.'

(*Nelson Mandela*)



Dat hat er moai sein.

NIJJERSMIDDEI MEI HEIN JAAP HILARIDES

Hein Jaap Hilarides (1969) is skriuwer en muzikant. Hy is berne yn St.-Jakob. Syn âlden hienen in boubedriuw. Hy wennen yn Ljouwert en Grins, dêr't er it Van Hall Ynstitút die, en yn Amsterdam. Oan de UvA helle er syn doktoraal foar Frysk. Hy is dwaande mei it skriuwen fan in romansyklus oer de Biltse famylje Wassenaar. Yn 2017 kaam it tredde diel fan de syklus út: **'De trekker fan Troje'**. Koartlyn kaam diel 2 út: **'Beppe Xenia'**. It earste diel sil noch skreaun wurde.



Op ús **nijiersmiddei, op freed 21 jannewaris**, komt Hein Jaap Hilarides om oer syn nijste boek en it ta stân kommen fan de romansyklus oer de Wassenaars te fertellen. Faaks fertelt er ús ek noch it ien en oar oer syn beuzichheid as muzikant en syn gearwurking mei Jan de Vries, as de 'Fersyskrivers'. Wat dat oanbelanget is Hilarides in mearsidich man.



Xenia is grutbrocht yn de delte fan de rivier de Drava (Drau) yn Slovenië. Dêr treft se Freek Wassenaar,



in boeresoan út it Bilt. Freek en Xenia wurde fereale en sette har nei wenjen yn Fryslân. Se trouwe yn 1933, it jier dat Hitler oan de macht komt yn Dútslân. Yn it begjin fan de Twadde Wrâldoarloch rint Xenia in âlde leafde tsjin it liif. Dietrich Kleeblatt wurket yn Nederlân foar de SD. De moeting mei Dietrich sil it libben fan Xenia en Freek bot yn ûnstjoer bringe.

Identiteit, de Fryske saak, leafde en wraak, dat binne de tema's fan dizze Bildungsroman. Stap foar stap wurket Hilarides ta nei in thrillerachtige ûntknoping. In 'Bildungsroman', oerset yn it Frysk 'foarmingsroman', is een psychologyske roman dy't fertelt oer de ûntjouwing fan de geast en persoanlikheid fan de haadpersoan tidens de oergang fan jeugd nei folwoeksene. De bewustwurding fan de eigen identiteit en rol yn 'e wrâld spilet dêrby in wichtige rol.

Freed 21 jannewaris 2022 de middeis om 14.30 (ynrin 14.00 oere) oere yn 'De Weijenbelt' te Swol

Campherbeeklaan 82, Zwolle (Berkum)

nijjiersmiddei

Dizze middei hat as doel om inoar te moetsjen, lok en seine foar it nije jier te winskjen en gesellich by te praten.

We begjinne mei in kopke kofje of tee mei in lekker stikje oranjekoeke. Dat binne we oan it begjin fan it jier sa wend.

Skriuwer / muzikant **Hein Jaap Hilarides** (sjoch side 7) fertelt oer syn nijste boek '**Beppe Xenia**' en oer de romansklus dy't er skriuwt oer de Biltske famylje Wassenaar, dêr't 'Beppe Xenia' it twadde diel fan is. Dit is wer ris hiel wat oars as oars en grif tige nijsgjirrich.



Mar Hilarides bliuwt de hiele middei net oan it wurd. Want der moat foar ús ek tiid oerbliuwe om by te praten. Dat dogge we ûnder it genot fan in drankje en in hapke. En dan is it yn 'e regel sa mar let.

*Elts moat de 'CoronaCheck-app' op de mobile telefoan hawwe of yn it besit wêze fan in **papieren bewiis** mei deselde status. Wa't dit net hat, wurdt der spitigernôch net ynlitten.*

In noflike middei tawinske!

Op 'e boeketafel de lêste nije Fryske boeken en ... in ferlotting mei moaie prizen!